



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’.

De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en in ‘nij libben’ begûn. Yn dat nije libben draait alles om Jezus fan Nazaret. Mar wa is Jezus no krekt? En wa binne syn heit en mem? De skieppehoeders hawwe as earsten fan de ingels heard oer de berte fan Jezus. Mar gelokkich binne der mear minsken dy’t Jezus kenne. Dy fertelle de ferhalen troch oan wa’t it mar hearre wol.

Simeon en Hanna yn 'e timpel

Lukas 2,25-35

“Fan 'e moarn is Mirjam har heit wer fuortgien”, sei Sara

“De oare skieppehoeders ek?”, frege Simon.

Sara knikte. Se fielde har fertrietlik. “It fielt sa ûnwennich no’t se allegearre fuort binne”, sei se. “Se koene sá moai fertelle.”

Simon en Sara sieten tegearre ûnder de beam. It wie waarm. Pake en heit kamen der ek oanrinnen. De nije stâl skeat al moai op.

“Hé, Sara en Simon. Wat sjogge jim tryst. Is der wat?”, rôp pake.

“Hm, de hoeders binne hjoed wer fuortgien”, bromde Simon.

“Ja, dy sille we jûn wol misse!”, sei pake.

“Miskien wurd ik letter ek wol hoeder”, sei Simon “Dan kin ik de ferhalen fan Jezus wer oan oaren fertelle.”

Pake gie der ek by sitten en joech Simon de ‘high five’. “Hiel goed, Simon! De ferhalen dy’t we hearre oer Jezus, meie we trochfertelle.”

“Dat docht ús Daniël ek!”, rôp Sara. “Dy heart de ferhalen oer Jezus fan de keaplju. En ús heit en mem hearre se yn 'e poarte.”

“Wêrom fertelt pake ferhalen oer Jezus?”, frege Simon.

Pake brocht de hân nei it kin... Dat die er altyd as er djip neitinke moast. “Ik fertel de ferhalen, omdat ik leau dat der mei Jezus wat nijs begûn is. Jezus is net berne yn in paleis, mar yn in stâl. Hiel oars as de minsken ferwachten!”

“Soe Jezus der dan echt foar alle minsken wêze?”, frege Simon.

Pake knikte en sei: "Ik leau dat dát it goede nijs is! Harkje, dan sil ik jim fertelle fan Simeon en Hanna. Dy wiene ek sa bliid doe't se Jezus seagen."

Joazef en Maria reizgen mei de lytse Jezus nei Jeruzalem. Se namen him mei nei de timpel.

Dêr yn Jeruzalem wennen Simeon en Hanna. Se wiene al âld, mar kamen noch alle dagen yn 'e timpel om te bidden.

Op it stuit dat Simeon en Hanna yn de timpel wiene, staptten Joazef en Maria ek it timpelplein op. Maria hie Jezus op 'e earm.

Doe't Simeon it berntjse seach, sloech er de hannen foar de mûle. En rôp it út fan blidens: "Hjir haw ik jierren op wachte! Dit is de dei dy't God makke hat!"

Hy naam it berntsje Jezus op 'e earm en jubele:

"Tankewol God! Hjoed haw ik mei eigen eagen sjoen wat Jo ús beloofd ha.

Mei dit bern begjinne Jo wat nijs.

Hy sil ús leare hoe't wy mei-inoar omgean moatte."

Maria wist net wat se hearde. Hoe koe Simeon dit no witte? En ek Joazef harke ferheard nei wat Simeon sei.

Doe't Simeon de lytse Jezus oan Maria werom joech, sei er tsjin har: "Dit is in bysûnder bern. De minsken sille him Rêder neame."

Hanna wie al like bliid as Simeon. Se gie ek by de mem fan Jezus stean en sei: "Dit is nijs foar de hiele wrâld!"